

It libben en de opfettingen fan de hear Tristram Shandy

## Kolofon

ISBN: 978 94 6365 404 3

1e printing 2021

© 1759 Laurence Sterne

Oersetting: Geart fan der Mear, 2021

Utjouwerij Elikser

Ossekop 4

8911 LE Ljouwert

Til: 058 – 289 48 57

[www.elikser.nl](http://www.elikser.nl)

Foarmjouwing binnenwurk en omslach: Evelien Veenstra

Utjefte fan dit boek waard mei mooglik makke troch

de S.E. Wendelaar Bonga Stichting

Omslach: Charles Robert Leslie (1794 – 1859), Omke Toby siket om it sabeare túchje yn it each fan de widdo Wadman; Victoria & Albert Museum, Londen.

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatysearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de oersetter en de útgjouwer.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the translator and the publisher.

# It libben en de opfettingen fan de hear Tristram Shandy

Laurence Sterne

Oersetting: Geart fan der Mear





## Haadstik 1

Ik woe wol dat heit of mem, of feitlik beide, sa't beide eigenlik dwaan moatten hienen, betocht hienen wat sij oan it dwaan wienen doe't se mij oansetten. Hienen sij sekuer neitocht oer hoefolle der wol net ôfhong fan wat se doe útheefden; – dat net inkeld it meitsjen fan in rasjoneel wêzen dêrmei anneks wie, mar mooglik ek de foarm en temperatuer fan syn lichem, miskien syn karakter en syn geasteshâlding sels; – en, wêr't sij gjin idee fan hienen, dat sels de takomst fan syn hele famylje miskien ôfhingje soe fan de fjouwer eleminten<sup>1</sup> en ferhâldingen dy't op dat momint de oerhân hienen; – hienen sij dat sekuer ôfwoegen en oertocht, en dêrneffens handele, dan, sa bin ik der wol wis fan, hie ik heel wat oars op de wrâld foarsteld as hoe't de lêzer mij no wierskynlik sjen sil. Leau mij no mar, bêste minsken, dat is net sa ûnbelangryk as in protte fan jimme miskien wol tinke; jim hawwe grif allegear fan de libbensgeasten heard, hoe't dy fan heit op soan trochjûn wurde, en gean sa mar troch, en mear sok spul; – goed, ik sis jimme dat njoggentsiende fan in minsk syn ferstân en ûnferstân, syn suksessen en mislearringen op dizze wrâld ôfhingje fan it dwaan en de aksjes fan dy libbensgeasten, en de ferskillende spoaren en paden dy't jo har útstjoere, sadat as dy ienris op gleed holpen binne, oft it no goed of ferkeard is, makket gjin penny út, dêr giet it op syn aldermâlst hinne; – en troch hieltyd mar wer it âldbewende kowepaadsje lâns te trêdzjen meitsje se dêr al gau in dyk fan, sa sljucht en sa glêd as in tûnopaadsje, dêr't de Duvel sels har soms net fan ôftriuwe kin as sij dêr ienkear oan wend binne.

*Sis, leave, sei mem, hast toch net fergetten de klok op te winnen?*

*Godskes noch ta! rôp heit út, mar der wol foar oppassend dat net te lûd te dwaan. Hat in frommis oait sûnt de skepping fan de ierde in man mei sa'n healwize fraach ûnderbrutsen?*

Mar wat sei jim heit ek al wer?

Neat.

## Haadstik 2

Dan is der seker neat mis mei dy fraach, foarsafier't ik sjuch, noch te'n goede noch te'n kweade. – Dan moat ik jo sizze, menear, dat it op syn minst in fraach op it ferkearde momint wie, want dy fraach ferstruide en fersprate de libbensgeasten, waans opdracht it west hie om it *MINSKJE*<sup>2</sup> te beselskipjen en te begelieden, en him feilich nei it plak ta te bringen dat bestimd wie foar syn ûntfangst.

---

1 Neffens it gongber leauwen doe: fjoer, ierde, wetter en lucht.

2 Der waard doe leaud dat it sie al in folslein lyts minskje wie.

Dat *MINSKJE*, menear, hoe minderwaardich en bespotlik dat ek lykje mei yn dizze tiid fan lichtsinnichheid yn de eagen fan dwazen of befoaroardeelden, dat wurdt yn de eagen fan de rede bij wittenskiplik ûndersyk erkend, en wol as in *WÊZEN* dat beskerme en omjûn wurdt mei rjuchten. – Sels de betûftste filosofen, dy't trouwens it grutste en romste ferstân hawwe (want har siele is navenant like grut as de fragen dy't se stelle) toane ûnwjerlisber oan dat it *MINSKJE* skepen wurdt troch deselde hân, oanset wurdt neffens deselde natuerlike prosessen, bejeftige is mei deselde fermogens om te bewegen en dingen te dwaan as wij: dat dy lykas ús bestiet út hûd, hier, fet, fleis, ieren, slachieren, weefsels, senuwen, krasbien, bonken, murch, brein, klieren, genitaliën, lichemssoppen en gewrichten – sadwaande in wêzen is dat like aktyf is en yn alle betsjuttingen fan it wurd likefolle ús meiminske is as de Foarsitter fan it Hegerhûs. Dat wêzentsje mei benefysjes ûntfange, kin ferwûne wurde, en skeafergoeding krije, yn ien wurd: dy hat alle oanspraken en rjuchten fan it minskdom dy't neffens *Tullius*,<sup>3</sup> *Pufendorf* of de bêste etisi hearre bij dy steat en relaasje.

No, menear, wat soe der gebeurde wêze as him op syn iensume wei wat oerkommen wie! – of as myn lyts baaske deabenaud foar ûngemak, fanselssprekkend foar sa'n jong reizgerke, skjin ynein de ein besyld hie; – syn spieren en manlikheid oant op de tried fersliten; – syn eigen libbensgeasten grouwêlich yn trewyn brocht; – en as er him yn dy treurige disoarder fan syn senuwen njoggen lange lange moannen lang oerjûn hie oan ûnferwachte panyk, of in rige mankelike dromen en ynbyldingen; – dan trilje ik as ik tink oan watfoar fundamint der lein wêze kinnen hie foar tûzen swakheden fan sawol lichem as geast, dy't gjin keunsten fan dokter of filosoof letter oait wer sekuer ynoarder bringe kinnen hienen.

### Haadstik 3

Myn omke, Toby Shandy, bin ik tank ferskuldige foar de boppesteande anekdoate, bij wa't heit, in poerbêste natuerwittenskipper, en dy't graach heel sekuer oer de alderlytste dinkjes redendele mocht, gauris slim klage hie oer dy him oandiene misse set, en ienkear mear yn it bysûnder, sa't myn omke noch goed wist, doe't er in opmerking makke oer in wol heel ûnferklearbere eigenaardichheid (sa't er dat neamde) yn hoe't ik myn hoed opsette en hij de prinsipes út de doeken tearde wêrneffens ik dat dien hie. – Hjirbij moast de âldbaas skodholje en op in toan earder fan spyt as fan ferwyte sei er, dat er yn syn hart altyd al ferwachte hie, – en

---

3 Dws. de ferneamde Romeinse advokaat Cicero (106-43 foar Kristus).

soks no as wierheid sjen kinnen hie, – en ek út tûzen oare observaasjes dy't er makke hie oangeande mij: dat ik tinke noch dwaan soe as gjinien bern fan wa oars dan ek. Mar ta syn grutte spyt, sa gong er troch, opnij skodholjend en in trien fuortfeierend dy't him bij de wangen delrûgele, *Myn Tristram syn ûngelok is al begûn njoggen moanne foardat er oait op de wrâld kommen wie.*

Mem, dy't dêrbij siet, seach doe even op, mar begriep gjin snars fan wat heit bedoelde; – mar myn omke, Toby Shandy, dy't al faak fan dy saak heard hie, dy begriep him skoan.

#### Haadstik 4

Ik wit dat der lêzers bestean, likegoed as in soad oare poerbêste lju dy't noait in boek lêze, – dy't har ûngemaklik fjille as har net fan begjin oan de ein ta it hele geheim ferteld wurdt fan alles wat jo oangiet.

It is folslein in tajaan oan dat gefoel fan dy minsken, en fanwege in tsjinnichheid yn myn aard om wa dan ek teleur te stellen, dat ik al safolle details jûn ha. Omdat myn libben en opfettingen wierskynlik wat stof opwaaie litte sille, en as ik it net mis ha alle lagen fan it folk, alle beroppen en tsjerklike stromingen oansprekke sille, en net minder lêzen wurde sille as *De Kristenreis* sels en úteinlik krekt itselde blike sille te wurden as wat *Montaigne* freesde dat der wurde soe fan syn essees, dat is te sizzen in kofjetafelboek; – om dy reden achtsje ik it needsaaklik om it elkenien op syn beurt wat nei it sin te meitsjen. En dêrom freegje ik ûntskuldiging foar it feit dat ik noch wat fierder op dyselde wei trochgean, wat de reden is dat ik heel bliid bin dat ik it ferhaal oer mijsels begûn bin sa't ik dat dien haw, – en no fierder gean kin troch alles *ab ovo*<sup>4</sup> út te plúzjen.

*Horatius*, ik wit dat wol, riedt dat net yn alle opsichten oan, mar dy hat it inkeld oer in epos of in trageedzje (ik bin even kwyd hokker fan beide). Boppedat, as dat net sa wie, dan moat ik mij bij *Horatius* ûntskuldigje, want bij it skriuwen fan wat ik fan doel bin sil ik mij nòch ta syn regels beheine, nòch ta de regels fan wa man dan ek dy't oait libbe hat.

Mar foar lju dy't der net foar kieze om safier yn dy dingen werom te gean haw ik gjin better advys as om de rest fan dit haadstik mar oer te slaan, want ik ferklearje no al: it is inkeld skreaun foar de nijsgjirrigen en de leargjirrigen.

Doch de doar mar ticht.

---

4 Latyn 'út it aai wei', dus fan it begjin ôf.

Ik bin oanset yn de nacht tusken de earste *snein* en de earste *moandei* yn de moanne *maart*, yn it jier des Heare santjinhûndertenachtjûn. Dat wit ik seker. Mar hoe't ik yn myn ferslach sa presys te witten kommen bin wat foar myn geboarte foarfallen wie, dat is te tankjen oan in oare lytse anekdoate dy't allinne ús famylje ken, mar dy't no iepenbier makke wurde sil om dat better út te lizzen.

Heit, sa moatte jim witte, dy't oarspronklik handel dreun hie mei Turkije, mar al wat jierren lyn dêrmei opholden wie om him werom te lûken en de lêste dagen op syn âlderlik lângoed te sliten – heit hie wol 'k leauwe yn alles wat er die, oft dat no saken wienen of ferdivedaasje, wol de meast fêste oanwensten fan wa dan ek op ierde. As in lyts foarbyldsje fan dy ekstreme krektens fan him, dêr't er om de wierheid te sizzen in slaaf fan wie, hie er al jierren lang de oanwenst hân (op de *earste sneintejûn* fan de moanne it hele jier lang, sa seker as dat dy *sneintejûn* kaam) om in grutte steande klok op te winen, dy't boppe-oan de achtertrep stie, en wol mei eigen hannen. En omdat er ergens tusken de fyftich en sechtich wie op it momint dêr't we it oer hawwe, hie er himsels lyksa súntsjesoan in pear oare lytse famyljeoangelegenheden oanwend om te dwaan, sa't er gauris tsjin omke Toby plichte te sizzen, om dy mar allegear tagelyk út 'e wei te krijen en om de rest fan de moanne dêr gjin lêst en gedoente mear mei te hawwen.

Dêr wie mar ien ûngemak mei anneks, dat foar in grut part op myn holle delkaam, en dêr't ik bin ik bang de gefolgen fan meitôgje moat sa lang't ik libje, dat is te sizzen dat it troch in ûngelokkige assosjaasje fan ideeën, dy't fan natuere neat meielkoar te krijen hawwe, úteinlik sa te pas kaam dat myn earme mem noait de klok opwinen hearre koe sûnder dat har de gedachten oan wat oare dingen ûnûntkomber yn it sin skeaten, en oarsom – hokker nuvere kombinaasje fan ideeën neffens de fernimstige *Locke*, dy't seker it aard fan dy dingen better begriep as de measte minsken, al heel wat mear brike setten teweech brocht hat as alle oare boarnen fan foaroadelen bijelkoar.

Mar dit even sa sydlings.

No blykt út in oantekening yn heit syn bûsboekje, dat no op tafel leit, dat op *Maria-Boadskip*,<sup>5</sup> de 25ste fan deselde moanne dêr't ik op dateare kin dat ik oanset bin, heit dat út set is nei Londen ta, mei myn âldste broer *Bobby*, om him nei de *Westminsterskoalle* te bringen. En sa't blykt

---

5 25 maart.



út deselde boarne, ‘dat er pas wer bij frou en famylje weromkommen is yn de twadde wike fan de folgjende maaie’, wat de boel suver ta in útdragene saak makket. Lykwols, wat der no oan it begjin fan it folgjend haadstik komt, dat nimt alle twivel wei.

– Mar harkris, menear, wat hat jo heit dan de hele *desimber*, *jannewaris* en *febrewaris* útheefd?

– No, mefrou, hij hie dy hele tiid lêst fan ischias.

## Haadstik 5

Op de fyfde dei fan novimber 1718, wat sa ticht mooglik bij njoggen kalindermoannen komt as elke man mar reedlikerwize ferwachtsje kinnen hie,<sup>6</sup> bin ik, *Tristram Shandy*, Gentleman, op dizze suterige en rampsillige wrâld fan ús set. – No, ik woe wol dat ik op de moanne geboaren wie, of op ien fan de planeten (behalve *Jupiter* of *Saturnus*, want ik ha noait goed kjeld ferneare kinnen), want it hie op ien fan harren net minder mei mij gean kinnen (al stean ik net foar *Venus* yn) as it dien hat op dizze goare smoarge planeet fan ús – dy’t earlik en mei alle respekt sein neffens mij bestiet út de fellen en bellen fan de rest. Net dat dy planeet net goed genôch is, mits men dêr mar geboaren wurde koe mei in aadlike titel of mei in grut lângoed. – Of it sa foarelkoar krije kinne soe dat men in iepenbier amt yn de wacht slepe koe, en banen mei weardichheid en macht. Mar sa is it yn myn gefal net en sadwaande praat iderien oer de merk neffens it florearen fan syn eigen saken, – en dat is de reden dat ik hieltyd mar wer sis dat it ien fan de suterichste wrâlden is dy’t oait makke is, – want ik kin neffens de wierheid sizze dat ik, fan de earste oere ôf dat ik dêr sykhelle haw oan hjoed ta, dat no amper noch dwaan kin fanwege de astma<sup>7</sup> dy’t ik skipe haw bij it yn de wyn opriden op it iis yn *Flaanderen*. – Ik ha de gânske tiid in stikje boartersguod fan Frouwe Fortuna west, sa’t de wrâld it neamt, en al sil ik Har gjin kwea dwaan troch te sizzen dat Sij mij jimmer de lêst fjille litten hat fan elk grut of bysûnder ûnfortún, dan moat ik toch mei alle respekt op de wrâld oer Har kwyt dat Sij bij elke etappe yn myn libben en bij elke ôfslach en bocht, dêr’t dy smoarge Hertoginne mij mar reitsje koe, mij bekûgele hat mei sa’n rige jammerlike ûngelokken en brike setten as in behindich heldsje oait oerkommen is.

---

6 Dws. mar *acht* moanne – ien fan de suggestjes yn dit boek dat Walter net de heit fan Tristram wie.

7 Sterne lijde dêr ek sels oan.

## Haadstik 6

Oan it begjin fan it lêste haadstik haw ik jo presys ferteld wannear't ik geboaren bin, mar ik ha jo net sein hoe. Nee, dy bysûnderheid wie foarbeholden oan in apart haadstik, – en der komt noch bij, menear, omdat jo en ik om samar te sizzen elkoar folslein frjemd binne it net foechsum west hawwe soe om jo mar daalk tefolle omstandichheden oangeande mijsels te ferdútsen. – Jo moatte wat geduld hawwe. Ik ha, moatt' je witte, it plan opfette om net inkeld oer myn libben te skriuwen, mar ek oer myn opfettingen, yn de ferhoping en ferwachting dat troch jo kennis fan myn karakter en fan wat soarte stjerling ik bin, dat iene jo mear nocht oan dat oare jaan soe. Neigeraden dat jo mij better kennen leare sil de oerflakkige kundskip, dy't no tusken ús begjint, him ûntjaan ta familiêrens, en as ien fan ús gjin fout makket sil dat útrinne op freonskip. *O diem praeclarum!*<sup>8</sup> Dan sil neat oer mij ûnbetsjuttend fan aard fûn wurde, of ferfeelsum bij it fertellen dêrfan. Dêrfandinne, myn bêste freon en selskip, as jo mij wat sunich fine sille yn myn relaas oer myn earste stappen, wol dat ynskikke en mij gewurde litte, en mij op myn eigen manier myn ferhaal fertelle litte. – Of, as ik út en troch wat op de wei omdangeljen bliuw, of somtiids ûnderweis in skoftlang in narremûtse mei beltsjes opset, naai dan net út, mar wol mij dan hoflik wat mear it fertrouwen gunne dat ik wat mear wiisheid besit as oan myn bûtenkant te sjen is. En wylst wij dan sa fuortsjaggelje, wol dan mei of om mij laitsje, of om koart te gean, fan alles dwaan – behalve in min sin krije.

## Haadstik 7

Yn itselde doarp dêr't heit en mem wennen, wenne ek in meagere earlike memmige bysûndere en goede âlde kreamheinster, dy't mei help fan wat gewoan sûn ferstân en in oantal jierren drok besteld west te hawwen mei har wurk, wêrbij't se altyd minder op har eigen ynspanningen en folle mear op dy fan Mem Natuer fertroud hie, op har manier in net ûnoansjenlike reputaasje op de wrâld beskrept hie. – Moat ik mei dat wurd *wrâld* jo sizze dat dêr op de sirkel fan de grutte wrâld net mear mei bedoeld wurdt as in lyts sirkeltsje fan fjouwer myl yn trochsneed of omtrint, wêrfan't it klintsje fan dy goede âlde frou it sintrum ûndersteld wurdt te wêzen? – Sij liket dêr achterbleaun te wêzen as in widdo yn slimme earmoed, mei trije of fjouwer berntsjes op har sânenfjirtichst jier, en wie op dat momint in netsjes útsjend persoan, earnstich yn har dwaan, boppedat net al te spraaksum, dêr't de lju begrutsjen mei hienen. Har

---

8 O, prachtige dei!

noed, en dat swijsum ûndergean dêrfan, rôp namste lûder om freonlike stipe. De frou fan de pastoar fan de parochy krige begrutsjen. Dy hie al lange tiid gauris klage oer it ûngemak dêr't de keppel fan har man al jierrenlang mei oanklaud sitten hie, te witten dat dêr net, op minder as seis of sân myl te beriden, soks as in froedfrou te krijen wie, fan hokker soarte of kundichheid dan ek, hoe slim as dêr soms ek ferlet fan west hie. En dy neamde sân myl kaam, op tsjustere nachten en op beroerde wegen, want it lân wie yn dy kriten slim sompich, suver op itselde del as fjirtjin. En omdat it gefolch soms itselde west hie as helendal gjin froedfrou te hawwen, hie se betocht dat it foar de hele parochy in like grutte tapaslike goede die wie as foar it earm sloof sels, om har wat te ûnderwizen yn in pear fan de ienfâldige prinsipes fan it fak om har sa dêryn op gleeed te helpen. Omreden dat gjinien frou dêr yn de buert bettere papieren hie om dat betochte plan út te fieren as sijsels, hie se dat heel freonlik sels ûndernommen, en omdat sij in grutte ynfloed op de froulike helte fan de parochy hie, hie se gjin problemen hân om folslein neffens eigen winsken dat plan út te fieren. Om de wierheid te sizzen hie de pastoar yn dy hele saak itselde begeard as syn frou, en om de boel te dwaan sa't it hearde en om dat earm sloof in like goede wetlike fergunning foar dat berop te ferskaffen as syn frou dien hie troch dat te beoarderjen, hie er fleurich sels de kosten betelle foar de fergunning dêrfoar, mei ynbegryp fan alle *rjuchten, klausules en alles wat dêrbij hearde*.

Dy lêste wurden, moatt' je witte, wienen net neffens de âlde wenstige formulearing fan sokke fergunningen, tastimmingen en foegen, sa't dy yn sokke gefallen foar dy tiid gewoanlik oan it susterskip gund west hienen. Mar dat wie neffens in kreaze formule fan *Didius* syn eigen optinksel, dy't mei in bysûnder slach om alderlei ynstruminten útelkoar te heljen en wer ynelkoar te prakkesearen net allinne dat befallige amindemint betocht hie, mar ek mannich âldminske mei in fergunning yn dy omkriten derta oerhelle hie om dy opnij iepen te slaan om dat optinkseltsje fan him dêryn te krijen.

Ik beken dat ik noait oergeunstich wêze kinnen haw op *Didius* om sokke opstigingen fan him – mar elk syn eigen smaak – Hie Dr. *Kunastrokius*,<sup>9</sup> dy grutte man, der yn syn frije tiid net de grutste aardichheid oan om ezelssturten út te kjimmen, en om de deade hierren der mei de tosken út te lûken, ek al hie er altyd in pinset yn de bûse? No, no't we it toch dêroer ha, menear, hawwe net de alderwiiste minsken troch de iuwen

---

9 Ien fan Sterne syn selsbetochte gelearde, as skelwurd brûkte, nammen foar geastliken dêr't er de pest oan hie. Hjir oer te setten as 'kutstreaker' of 'kutsobber'.

hinne, *Salomo* sels net útsûndere, – ha dy ek net har *STOKHYNDERKES* hân, har draafhynkes, har munten en har skelpen, har trommels en har trompetten, har striesekken, har maitsen en har flinders? – en sa lang as ien syn *STOKHYNDERKE*<sup>10</sup> freedsum berydt en dat rêstich op de iepenbiere wei docht, en jo of mij net twingt om achter him sitten te gean – ik freegje jo, menear, wat giet dat jo of mij dan oan?

## Haadstik 8

*De gustibus non est disputandum*;<sup>11</sup> – dat wol sizze, tsjin stokhynderkes is neat yn te bringen, en wat mijsels oanbelanget, dat doch ik ek selden, en dat soe ik ek net mei goed fatsoen kinne, as ik werklik wat op har tsjin hie, want tafallich bin ik út en troch en neffens de stân fan de moanne sawol fioelespylder as skilder, krekt sa't mij de kop stiet. Jo moatte witte, dat iksels ek in pear hapkes besit, en dat ik dêr om de beurt (kin mij ek niks skille wa't dat wit) gauris in ritsje mei meitsje en in frisse noas helje – al nim ik, o skande!, soms in wat langere wei as wat in ferstandich man helendal wiis achtsje soe. Mar de wierheid is, ik bin gjin ferstandich man – en mear noch, ik bin in sterling dy't op de wrâld sa'n skytbytsje foarstelt dat it der helendal niks ta docht wat ik doch, – sadat ik mij dêr selden drok oer meitsje kin. En it brekt ek net echt myn sliep, as ik sokke grutte Hearen en hege Persoanlikheden sjuch as hjirnei folgje – lykas bijgelyks myn Hear A,B,C,D,E,F,G,H,I,K,L,M,N,O,P,Q ensafuorthinne, allegear op in rychje, sittend op har respektyflike stokhynkes – guon mei grutte stiichbûgels, frij earnstich en bedaard ridend – oaren dêrtsjinoer sels oan it kin ta ynpakt, mei de swipe dwers yn de mûle, fuortstowend en jachtsjend as wienen se in stel op in hypoteek sittende bûntkleurige duvels – en as wienen sommigen fan har derop út om de nekke te brekken. – Namste better, sis ik tsjin mijsels – want yn it gefal dat it slimste gebeure soe, dan soe de wrâld him sûnder har ek skoan sels wol rêde kinne; en wat de rest oangiet – no, mei God har hoedzje, en lit har mar sûnder tsjinwurking fan mij trochride, want mochten dy hearen fan 'e jûn noch fan it hynder kneppelje, dan is it tûzen om trettjin dat in protte fan harren der foar moarnier helte minder fleurich bij sitte soenen.

Gjinien fan dy foarbylden kin dêrom fan sein wurde dat se mij myn rêst ferstoare – Mar der is ien foarbyld dat, ik jou it ta, mij oer it mad komt, en dat is as ik ien sjuch dy't foar grutte dieden geboaren is, en

---

10 Ingels *hobby-horse*, in belangryk wurd bij Sterne, dat hobby of tiidferdriuw betsjut, mar ek negatyf wêze kin, te omskriuwen as obsessy.

11 Oer smaak te tsieren hat gjin doel.

mear noch foar earbetsjûgingen, waans natuer him jimmer oanfiteret ta goeddwaan; – as ik sa'nien sjuch, Mylord, as josels, waans prinsipes en dwaan like romhartich en edel binne as syn bloed, en dêr't om dy reden in korrupte wrâld net ien tel sûnder kin; – as ik sa'nien sjuch, Mylord, te pearde sittend, ek al is it mar ien minút langer as de tiid dy't myn leafde foar it lân him foarskreaun hat, en myn iver foar syn gloarje him tawinsket, – dan, Mylord, bin ik gjin filosoof mear, en winskje ik it *STOKHYNDERKE* fuortdaalk yn it fjoer fan myn oprjuchte argewaasje, mei al syn maten, nei de Duvel.

'Mylord,

Ik hâld fol dat ik dit boek oan jo opdraach, nettsjinsteande dat it wat nuer oandocht yn de trije grutte belangrike saken fan ynhâld, foarm en plak. Ik fersykje jo, dêrom, om it sa oan te nimmen, en dat jo mij tastean om it, mei de meast respektfolle nederichheid, oan de fuotten te lizzen fan jo Hearskip – as jo dêrop stean – op hokker momint dan ek dat it jo haget – en dat is Mylord op elk moment dat dêr in reden foar is, en sis ik noch, ek noch as it doel hat. Ik ha de eare te wêzen,

Mylord,  
Jo ûnderdienige,  
en meast tawijde,  
en aldernederichste tsjinner,  
TRISTRAM SHANDY.'

## Haadstik 9

Ik ferklearje plechtich oan it hele minskdom dat boppestande opdracht foar gjinien Foarst, Prelaat, Paus of Potentaat skreaun is, – Hertoch, Markys, Graaf, Burchtgraaf of Baron, fan dit of fan watfoar oar ryk dan ek yn de kristenwrâld; – noch dat dy rûnsutele of publyklik of privee oanbean is, direkt of indirekt, oan ien persoan of personaazje, grut of lyts, mar earlik wier in echte Maagdlike Opdracht is, noch noait útprebearre bij ien stjerlike siel.

Ik sit hjir sa op om te wrotten om inkeld al elke oanstjit of beswier wei te nimmen dat dêrtsjin makke wurde koe fanwege de manier dat ik dêr it measte utelje wol; – dat is te sizzen dat ik dy opdracht gewoan bij opbod ferkeapje wol, wat ik no dan ek doch.

Elke skriuwer hat sa syn eigen manieren om syn sin te sizzen – omdat

ik der it mier oan ha om foar in pear ginjes<sup>12</sup> yn in tsjuster portykje te hantsjeklappen en om jild te tingjen, haw ik wat mijsels oanbelanget bij mijsels besletten om yn dizze saak fan it begjin ôf oan earlik en iepentlik mei jimme, Grutte Lju, te handeljen en om te besykjen oft ik dêr net better fan wurde koe.

As der dêrom in Hertoch, Markys, Graaf, Burchtgraaf, of Baron is yn dizze domeinen fan de Majesteit dy't ferlet fan in kreaze deftige opdracht hat, en dy't boppesteande wol goed útkomt (want om krekt te wêzen, as it net goed útkomt, dan wol ik dy net kwyt) – dan mei er dy foar fyftich ginjes sines neame – wat ik heel seker wit tweintich ginjes minder is as hokker sjeny dan ek dêrfoar delte moatte soe.

Mylord, as jo dêr nochris goed nei sjugge, dan is dat absolút gjin skandlik stik bûnte ferve, sa't sommige opdrachten wol binne. It ûntwerp, sa't jo sjugge, doocht – de kleuren transparant – de tekening is ek ynoarder – of om mear as in man fan de wittenskip te praten – en om dat stik fan mij te mjitten neffens de skaal fan in skilder, opdeeld yn tweintich – dan leau ik, Mylord, dat de omtrekken 12 blike sille te wêzen – de komposysje 9 – de kleurstelling 6 – de útdrukking 13 en in heal – en dat it ûntwerp – as it, Mylord, mij tastien is om myn eigen ûntwerp te begripen en om te ûnderstellen dat folsleine perfeksje bij it ûntwerpen 20 is – dan nei myn betinken net echt minder as 19 wêze kin. Boppedat, der sit evenwicht yn, en de donkere halen yn it *STOKHYNDERKE* (dat mar op it twadde plak komt, en in soarte fan achtergrûn fan it geheel foarmet) jout in grutte kracht oan de foarnaamste ljochte plakken yn jo eigen ôfbylding, en soargje derfoar dat dy prachtich bylket; – en boppedat hat it *tout ensemble* wat orizjineels.

Wês sa goed, Mylord, om opdracht te jaan om de te beteljen som jild oer te langjen yn hannen fan de hear *Dodsley*,<sup>13</sup> te'n geunste fan de skriuwer; en yn de earstkommende útjefte sil derfoar soarge wurde dat dit haadstik skrast wurdt, en dat jo titels, ûnderskiedingen, wapens en treflike dieden foaroan yn it foarôfgeand haadstik pleatst wurde: alles, nei de wurden *De gustibus non est disputandum*, en wat der oars ek mar yn dit boek mei *STOKHYNDERKES* te krijen hat, mar mear net, sil oan jo opdroegen wurde – de rest draach ik op oan de Moanne, dy't fan alle *BESKERMHEAREN* en *BESKERMFROULJU* dy't ik mar betinke kin, de measte macht hat om myn boek op gong te helpen, en de wrâld der as in gek achteroan stowe litte sil.

---

12 Ingels *guinea*, dws. ien pûn en ien shilling.

13 Sterne syn útjouwer destiids.

*Strieljende Goadinne,*

as jo net al te drok besteld binne mei de saken fan CANDIDE en juffer CUNEGUND<sup>14</sup> har saken, – nim dy fan *Tristram Shandy* ek ûnder jo hoede.

## Haadstik 10

Watfoar lytse fertsjinst dy aksje te'n geunste fan de froedfrou ek mar mei rjucht en reden foar himsels opeaskje kin, of wa't yn werklikheid dy opeaskje kin, – dat liket yn earste opslach net botte belangryk foar dit ferhaal; – seker wie lykwols dat de dame, de frou fan de pastoar, dêr yndertiid folslein mei útnaaid is. En toch kin ik mei gjin mooglikheid oars tinke as dat de pastoar sels, al hie er net it goed gelok dat er as earste dat plan betocht hie, – dat dat plan toch, omdat er daalk doe't dat him foarlein wie en hij like goederjousk it jild ferskaft hie om it út te fieren, ek wol wat oan him te tankjen west hat, – as it faaks al net de folsleine helte wie fan wat eare dat plan takaam.

De wrâld hat it yndertiid sa beskikt om te besluten it oars te dwaan.

Lis it boek mar even del, en dan krije jo fan mij in heale dei om te rieden nei wat de reden wêze kinne soe foar sok dwaan.

Lit it dan bekend wurde dat sa'n fiif jier foar de datum fan de fergunning fan de froedfrou, der't jo sa'n wiidweidich ferslach fan krigen hawwe, de pastoar yn kwestje rûnom oer de tonge gong fanwege in sûnde tsjin hoe't it heart dy't er tsjin himsels begien wie, tsjin syn plak yn de maatskippij en syn berop, – en dat troch noait better of oars te pearde te sitten as op in meagere, earmoedige ezel fan in hynder, ûngefear ien pûn fyftjin shilling wurdich, dy't om koart te gean beskreaun wurde koe as in folle broer fan *Rosinante*,<sup>15</sup> safier't dy dêrmei ferlike wurde koe. Want dy beäntwurde yn alles o sa sekuer oan de beskriuwing dêrfan – behalve dat it mij net heucht dat der ergens stiet dat *Rosinante* dampich wie, en dat *Rosinante* boppedat, sa't it gelokkich mei de measte Spaanse hynders giet, grou of meager, sûnder mis yn alle opsichten in hynder wie.

Ik wit heel goed dat it hynder fan de HELD in hynder fan earbere seden wie, wat miskien de reden west hat foar in tsjinoerstelde miening. Mar it is tagelyk like seker dat *Rosinante* syn ûnthâlding fan geslachtsferkear (sa't demonstreard wurde kin mei it aventoer mei de frachtriders fan

---

14 Persoanen yn Voltaire syn satirise roman *Candide*, 1759, it jier fan ferskinen fan ek de earste delen fan *Tristram Shandy*.

15 It hynder fan Don Quichot.

Yanguas)<sup>16</sup> net it gefolch wie fan in lichaamlik mankemint of hokker oarsaak dan ek, mar fan syn behearske en rêstich aard. – Lit mij jo sizze, mefrou, dat der in hele protte o sa treflike sedichheid op de wrâld bestiet, dy't jo al is it ek noch sa net better priizgje kinne soenen.

Hoe't dat ek wêze mei, omreden dat it myn doel is om elk skepsel dat op it toaniel fan dit aksjeryk wurk set wurdt goed rjucht te dwaan, koe ik dit ferskil te'n geunste fan *Don Quichot* syn hynder net weimoffelje. – Yn alle oare opsichten wie it hynder fan de pastoar, sis ik, krekt sa'nien, want it wie like meager en like skraal, en in like earmoedige knol as de NEDERICHEID sels beride kinnen hie.

Neffens hjir en dêr in man mei in net al te skerpe oardeel hie it maklik west foar de pastoar om dat hynder fan him wat in better figuer slaan te litten, want hij besiet in o sa kreas healheechsadel, mei in grienplusen tekken op de sitting, fersierd mei in dûbele rige sulveren knoppen, en in tige kreas pear glânzgjende koperen stiichbûgels, allegear mei dêromhinne in paslik griis lekken fan hege kwaliteit, ôfset mei swart kant en einigjend mei in pikswarte siden franje, *poudré d'or*,<sup>17</sup> – wat er allegear kocht hie doe't er noch in fiks en kreas jongfeint wie, mei ek noch in ryk fersierd túch, mei oeral ornaminten sa't it heart. – Mar om syn hapke net al te bot te narjen hie er dat allegear achter de studearkeamersdoar ophongen, en ynstee dêrfan hie er dat beestje ernstich foarsjoen fan krekt sa'n túch en sadel as uterlik en wearde fan sa'n hoars wis en deeglik fertsjinnen.

Jo kinne wol skoan begripe dat de pastoar, op syn ferskeidene tochten troch syn parochy en syn besites yn de buert oan de deftige hearen om him hinne, sa útmeunstere genôch hearre en sjen soe om syn filosofy net ferrustkje te litten. Om de wierheid te sizzen, hij koe noait in doarp ynride of hij luts de oandacht fan âld en jong – it wurk stie stil as er foarbijkaam – de amer hold midden yn de put ho – it spinnewiel fergeat om te draaien – sels muntsjesmiters en petsjeballers stienen him oan te gapjen oant er net mear te sjen wie; – en omdat er net sa bjuster avensearde hie er it oer it algemien skoan oan tiid om alles yn him op te nimmen – om de suchten fan de ernstigen te hearren – en it laitsjen fan dy't dat minder wienen, wat er allegear mei treflike kalmte fernearde. Syn aard wie sa: – hij hold yn syn hart wol fan in grapke – en omdat er himsels ek seach as echt bespotlik, plichte er te sizzen dat er net lilik wêze koe op oaren as dy him yn it ljocht seagen dêr't er himsels ek sa skerpe yn seach – sadat er bij syn freonen, dy't wisten dat syn swakte net de jildsucht wie, en dy't

---

16 Yn werklikheid yn it boek fan Cervantes op dat stuit krekttoarsom.

17 Mei goud bepoeiere.



om dy reden der dêrom net foar tebekskrillen om syn nuver aard wat te begekjen – yn pleats fan de werklike reden te jaan – bij syn freonen dus leaver wat meilake om himsels. En omdat er noait ien inkeld ûnske fet op syn eigen bonkerak droech, like skraal as er wie as syn beestje – plichte er wolris út te hâlden dat it hynder sa goed wie as syn berider fertsjinne; – dat sij in centaur wienen – út ien stik. Oare kearen, en as er in oar sin hie, as syn holle him net nei de ferlieding stie fan sabeare grappen, – dan sei er gauris dat er troch de tarring hurd minder oan it wurden wie; en dan bearde er o sa ernstich dat er it sjen fan in grou hynder net ferneare koe sûnder dêr mismoedich fan te wurden, en sûnder dat syn hartslach dúdlik feroare; en dat er de keuze foar dat meager ding dêr't er op ried net inkeld makke hie om moed, mar ek om in goed sin te hâlden.

Op ferskillende tiden jûch er wol fyftich humoristise en tapaslike redenen om in deemoedich bonkerak fan in dampich hynder te beriden, leaver as in libbendich beest, – want op sa'nien koe er ûntspand sitte, en like noflik neiprakkeseare *de vanitate mundi et fuga saeculi*<sup>18</sup> net liker as hie er it foardeel fan in deadskop foar him; – dat er bij alle oare drokten syn tiid like produktyf spendeare koe bij it stadich trochriden, as yn syn studearkeamer; – dat er in goed argumint foar in preek betinke koe; – of betinke dat der in gat yn syn broek siet, like gemoedlik oft er no op it hynder siet of yn dy keamer; – dat snjiddich drafkjen en langsum redenearen, lykas geastichheid en besonken oardeel, twa dingen wienen dy't min bijelkoar pasten. – Mar dat er op syn hoars alles bijelkoar sammelje koe en meilkoar yn it lyk breidzje; – hij syn preek beoarderje koe – en ek syn hoastjen; – en yn it gefal dat de natuer him dêrta rôp koe er likegoed himsels sa beoarderje dat er yn sliep foel. – Om koart te gean, de pastoar jûch bij sokke moetingen alle redenen útsein de echte. – en hij ferswijde de echte inkeld mar fanwege syn fyngefoeligens, want hij fûn dat him dat eare oanbrocht.

Mar de wierheid fan it ferhaal wie sa: bij it begjin fan syn libben as hear, en omtrint de tiid dat dat poerbêst sadel en túch troch him kocht wienen, hie it syn manier fan dwaan west, of syn idelheid, neam it mar wat jo wolle, – om ta it oare uterste te gean. Yn de taal fan de streek dêr't er wenne waard der sein dat er in earsten hynsteman wie, en oer it algemien ien fan de bêste hapkes fan de hele parochy yn syn stâl te stean hie, altyd klear om sadele te wurden. En omdat de meast tichtbije froedfrou, sa't ik jo al ferteld hie, net tichter bij it doarp wenne as op sân myl, en yn in streek mei smoarge slykwegen, – kaam it sa dat de

---

18 Oer de fergonklikheid fan de wrâld en it fluch foarbijgean fan de tiid.

earme man amper in hele wike achterelkoar meimakke sûnder dat der earmhartich om syn hapke frege waard; en omdat er net in minnenien wie en elk foarfal driuwender en oangripender wie as dat dêrfoar, en hij, hoe't er ek fan syn happe hold, net it hart hie om te wegerjen, kaam it der almeast hjir op del: dat syn hynder of bekôf riden waard of spatkreupel waard of de trudze krige; – of hij waard wol trilderich op syn poaten of dampich, of om koart te gean, der wie steefêst wol wat mis mei him, sadat er fel oer bien waard en hij wol om de njoggen of tsien moanne in ôfbeund hynder hie dat er kwyt moast, en ferfange troch in goeienien.

Wêr't it ferlies *communibus annis*<sup>19</sup> op delkaam, dat lit ik graach oer oan in spesjale sjuery fan slachtoffers út itselde fak om út te rekkenjen; – mar lit dat wêze wat it ek mar wie, de bêste man droech dat mannich jier sûnder klacht, oant hij it lang om let nei hieltyd wer itselde ûngemak needsaaklik achte hie om dêr ris goed oer nei te prakkesearen, en nei de hele saak ris ôfwoegen en bij himsels op in rychje set te hawwen, besleat er dat dat net inkeld yn gjin ferhâlding ta syn oare útjeften stie, mar ek op himsels al sa'n swiere lêst wie, dat soks it him ûnmooglik makke om yn syn parochy syn goederjouskens op in oare manier te toanen. Der kaam noch bij dat er betocht dat er mei mar it heale bedrach dat sa fuortfjouwere waard wol tsien kear safolle goeds dwaan koe. – En wat noch swierder bij him woech as alle oare argumenten bijelkoar wie dit: dat dat al syn goederjouskens beheinde ta ien inkeld spoar, dêr't dêr, sa stelde er him foar, it minst ferlet fan wie, te witten it bernkrijend en bernoansettend deel fan de parochy, en der neat oerbleau foar de swakken – neat foar de âlderen – neat foar al dy treasteloaze tafrielen dêr't er alle oeren hinne roppen waard, dêr't earmoed en sykte en ellinde bijelkoar gearhokken.

Om dy redenen besleat er om dêr gjin jild mear oan út te jaan, en der liken mar twa mooglike manieren te wêzen om him dêrút te winnen; – en dat wie om der òf in izeren wet fan te meitsjen om syn hoars noait wer út te lienen bij hokker fersyk dan ek, – òf oars om der tefreden mei te wêzen om syn lêste earme drommel te beriden sa't se him makke hienen, mei alle kwalen en krupsjes, krekt sa lang as it noch koe.

Omdat er earst syn eigen berettens net fertroude, keas er fleurich foar it twadde; en hoewol't er dat skoan útlizze kinnen hie, sa't ik al sein ha, as wat dat him te priizgjen stie, stie er dêr om dyselde reden boppe, en keas er der leaver foar om it húnjen fan syn fijannen te ûndergean en it laitsjen fan syn maten, as om de pine te fernearen fan in ferhaal te fertellen dat op in lofliet op himsels lykje koe.

---

19 Yn gewoane jierren.

Ik ha de heechste bewûndering foar dy spirituele en ferfine gefoelens fan dy earwearde hear, fanwege dy inkelde karaktertrek, dy't neffens mij elk fan de oprjuchte eigenskippen belykje kin fan dy wjergealoaze ridder fan *La Mancha*, dêr't ik trouwens mei al syn healwizichheden mear fan hâld, en dy't ik folle leaver mei in besite fereare hawwe soe, as de grutste held út de âldheid.

Mar dit is net de moraal fan myn ferhaal: wêr't ik op út woe is om sjen te litten hoe't de wrâld bij dizze hele saak ynelkoar siet. – Want jo moatte witte dat sa lang't de pastoar mei dy ferklearring eare ynlein hie, gjin duvel dat útfine kinnen hie, en ik ûnderstel syn fijannen dat net woenen en syn freonen dat net koenen – mar amper hie er him ynspand foar in froedfrou, en de ûnkosten fan de offisjele praktykfergunning betelle, of it hele geheim waard buorkundich. Elk hynder dat er ferlern hie, en noch wol twa mear as er oait kwytrakke wie, mei alle omstandichheden fan har ferlies, waarden rûnkrante en sekuer yn it sin brocht. – It ferhaal gong rûn as diggelfjoer. De pastoar hie it ynienen wer heech yn de kop krigen en hij soe opnij yn syn libben skoander te pearde sitte, en as dat sa wie, dan wie it sa klear as in klûntsje dat er de kosten fan dy fergunning it earste jier al tsien kear yn eigen bûse stekke soe. – Dat elkenien moast mar betinke wat er fan dy goederjouskens fine moast.

Wat syn eigen ideeën hjirbij wienen, en bij elke oare aksje yn syn libben – of earder, wat de mieningen hjiroer wienen dy't yn it brein fan oaren omswalken, dat wie in gedachte dy't him tefolle troch syn eigen holle spûke, en him te faak de sliep briek as er sûn sliepe moatten hie.

Sa'n tsien jier lyn hie dy man it gelok dat er op dat stik fan saken folslein gerêst makke waard – dat wie krekt sa lang lyn sûnt er syn parochy ferlitten hie – en trouwens tagelyk de hele wrâld – en no ferantwurding ôflizze moat tsjin in Rjuchter dêr't er net oer hoeft te kleien. Mar der hinget in needlot oer de aksjes fan sommige minsken: hoe't se dy ek presintearre, dy gean troch in seker medium hinne dat har sa slim ferdraait en ferfoarmet, dat nettsjinsteande alle oanspraken op lof dy't in rjuchtfeardich hart mar skinke kin de bedriuwers dêrfan toch twongen wurde om dêrsûnder te libjen en te stjerren.

Fan de wierheid dêrfan wie dy hear in pynlik foarbyld. – Mar om te witten wêrtroch dat sa kommen is – en om dy kennis jo ta nut strekke te litten – stean ik derop dat jo de neikommende twa haadstikken lêze, dy't sa'n beskriuwing befetsje fan syn libben en petearen dat de moraal as fansels dêryn besletten sit. – En as dat beslikke is, en as der neat tusken komt, dan gean we troch mei de froedfrou.

## Haadstik 11

*Yorick*<sup>20</sup> wie de namme fan dy pastoar, en wat dêr o sa opfallend oan is (sa't blykt út in oerâld ferslach fan de famylje, skreaun op sterk kealleperkamint, en no yn perfekte kondysje): dy namme wie suver al sa lang sa skreaun – ik hie hast sein fan njoggenhûndert jier – mar ik wol myn betrouberens bij wat ik sis net ferspylje troch in ûnwierskynlike wierheid te ferkundigjen, hoe fêst as in hûs dy ek is – en om dy reden sil ik folstean mei inkeld te sizzen: dy namme wie al withoelang sa stavere sûnder ek mar ien letter te feroarjen of te ferskowen, wat mear is as ik doar te bewearn oer de bêste achternammen yn dit koaninkryk, dêr't yn de rin fan de jierren likefolle mei omgriemd en oan feroare is as de dragers dêrfan. – Kaam dat fan de grutskens of fan it skamtegefoel fan dy respektyflike eigeners? Om helendal earlik te wêzen, soms tink ik fan it ien en soms fan it oar, krekt sa't har de kop stie. Mar it is en bliuwt suterich dwaan en sil ús op in dei sa trochelkoar mjuksje en betiizje dat gjinien him oppenearje kin en swearre dat syn eigen oerpake de man wie dy't dit of dat presteard hat.

De ferstandige soargen fan de famylje fan *Yorick* en har sekuer bewarjen fan de papieren dêr't ik nei ferwiis hienen soks foldwaande beskerme tsjin dat kwea – en wij lêze dêr fierder dat de famylje oarspronklik *Deens* wie, en al nei *Ingelân* ferhuze wie ûnder it regear fan *Horwendillus*, koaning fan *Denemarken*, oan waans hof sa't skynt in foarâlder fan dy *Yorick*, en fan wa't er rjuchtstreeks ôfstamt, oan syn dea ta in hege funksje hân hie. Watfoar hege funksje dat wie stiet net yn dy boarne – der stiet inkeld noch bij dat hast twa iuwen lang dy funksje net allinne al totaal ôfskaft west hie as folslein oerstallich, net inkeld oan dat hof, mar ek oan elk oar hof yn de kristlike wrâld.

It is mij gauris yn it sin kommen dat dy funksje gjinien oar wêze kinnen hat as dy fan de foarnaamste Nar fan de koaning – en dat de *Yorick* fan *Hamlet* yn *Shakespeare* no krekt dy man west hat. En jo witte wol dat in soad fan syn stikken baseard binne op bewiisde feiten.

Ik ha it net oan tiid hân om yn *Saxo-Grammaticus*<sup>21</sup> syn *Skiednis fan Denemarken* om te sneupen om dat seker te witten, mar as jo dat wol oan tiid hawwe, en dat boek maklik besette kinne, dan kinne jo dat skoan sels wol dwaan.

Ik hie it krekt oan tiid, bij myn reizen troch *Denemarken* mei de âldste

---

20 De nar neamd yn Shakespeare syn *Hamlet*. Yorick hie lykas Sterne sels tbc en is yn dit boek in soarte *alter ego* fan Sterne sels.

21 Likernoch 1200, skriuwer fan it boek *Gesta Danorum*. Horwendillus wie de heit fan Amleth (Hamlet).